



## Musical Joazef

Wa kin it net, it Joadske ferhaal yn Genesis, oer Joazef.

Joazef, in wat bluisterich jongfeint dy't syn broers knap op de teannen trapje kin. Hy rint mei syn dreamen te keap en yn al dy dreamen is hy nûmer ien.

As "heite popke" dan ek noch in kleurige, hast keninklike jas kriget, binne foar de broers de rapen echt goed gear

It rint min òf mei de wrâldfremde soan fan Rachel, Jacob's leafste frou. In útstapke yn syn djoere jas nei de grutte broers om de groetnis fan heit oer te bringen, wurdt him fataal. De ferskinning fan de bedoarne, eigenwize drammer smyt oalje op it smeulende fjoer fan de haat.

De broers sjogge yniennen de kâns him foar altyd kwyt te reitsjen. Hja smite him as wie er útskot, yn in djippe donkere put. As der keaplje lâns komme lûke hja him der út en wurdt er ferkocht.

Nei dizze ôfgong wurdt de "dreamprins" slaaf yn Egypte en bedarret dêr letter ûnskuldich yn de finzenis.

Syn hege dreamen lit er lykwols net farre en hy hâldt de kop der foar. Troch skea en skande wurdt er wiis en by eintsjebeslút rêdt er syn faymlje fan de hongerdea.

Hy groeit út ta de rjochtfeardege, dy't gjin wraak nimt op syn tsjinstanners, en kriget sadwaande de skaaimerken fan de Messias.

It ferhaal fan Joazef is in ferhaal fan alle tiiden, jaloerskens, krisis en op de flecht fanwege de honger. Dit ferhaal wolle wy ticht by de minsken bringe.

We binne mei en enthousiaste groep minsken al in pear wike oane gong olv regisseur Anna-Gré Veldkamp en musikaal lieder Hans Jonker.

Binnenkoart gean we ek in combo gearstellen en is it plaetsje kompleet.

We kinne nog sjongers en musikanten brûke, dus liket it dy leuk om mei te dwaan nim gau kontakt mei us op of kom op in sneintejûn efkes sjin by de repetities yn Pro Rege om 19.00u.

### Musicalcommissie

Anna-Gré Veldkamp  
Hans Jonker  
Jitske Draaistra  
Anneke Rekker  
Hillie Hof  
Simon Friso

[annagre@planet.nl](mailto:annagre@planet.nl)  
[jonkermusicsupport@kpnplanet.nl](mailto:jonkermusicsupport@kpnplanet.nl)  
[famdraaistra@gmail.com](mailto:famdraaistra@gmail.com)  
[annekerrekker@gmail.com](mailto:annekerrekker@gmail.com)  
[hillie22@hotmail.com](mailto:hillie22@hotmail.com)  
[s.friso@kpnmail.nl](mailto:s.friso@kpnmail.nl)